

In grut artikel is it harkboek noch net yn Nederlân, mar Fryslân docht aardich mei. Yn fiif jier tiid ferskynden by Audiofrysk santich titels, fan Rink van der Velde oant Harmen Wind.

Frysklêzers oan de download



Jan en Marja Schotanus thús yn Easterwierrum.

FOTO LC/NIELS WESTRA

SIETSE DE VRIES

Samar ynienen stiene se der in pear jier lyn, de earste rekken mei 'luisterboeken'. Skriuwers dy't har eigen boeken foarlezen of dat dwaan lieten troch in akteur, it wie wat nijs yn Nederlân. It wie it beskjen wurdich – yn Amearika bestie it al folle langer – dat manich boekwinkel weage in skot.

Jan Schotanus fan Easterwierrum wie ien fan de konsuminten fan de earste oere. Mei in roman fan Arthur Japin of in lêzing fan Maarten van Rossum op in mp3-bestân fytste er langjend nei kennis en ferdivedaasje oer de paden dy't Easterwierrum mei de rest fan 'e wrâld ferbynt. Oars as mei muzyk hearde er de skries en it ferkear der dwers trochhinne. Nammerste better, mient er, it kaam it genot en de ferlicheid ten goede.

Schotanus, skriuwer ûnder oare fan sa'n fyftjin Fryske berneboeken, seach daliks mooglikheden. „Ik fyn, alles wat der foar de Nederlânske literatuer bestiet, moat der ek foar de Fryske wêze. As it Nederlânsk luisterboeken hat, moatte der ek harkboeken wêze fan Fryske skriuwers.“

In jier earder, yn 2007, hie Schotanus nei 35 jier it skoalmasterjen deroan jûn. Sûnt wurke er by DAT tekstbureau, it bedriuw fan syn frou Marja. In kommersjeel buro dat ûntstien wie út de argewaasje dy't Marja Schotanus hie fan de taalflaters fan alderhanne bedriuwen.

Taalflaters

„Ik kaam sa faak taalflaters tsjin yn reklame en oare folders, dêr ergere ik my oan. Soms wiisde ik sa'n bedriuw dêr wolris op. Guon betanken my dêrfoar, oaren lutsen har der neat fan oan. Op in stuit tocht ik: hjir kin ik jild mei fertsjinje. Doe ha'k myn tsjinsten by alderhanne bedriuwen oanbean.“

Yn 2008, in pear jier nei it ferskjen fan de earste Nederlânske luisterboeken, rjochte Jan Schotanus Audiofrysk op. Schotanus: „Yn Amearika bestie soks al folle lang, dêr wiene harkboeken al populêr yn 'e tiid fan 'e kassette. De ôfstannen dy'tst dêr mei de auto ôfleist binne folle grutter. Dat fergrutte ek de merk fan it harkboek.“

Yn Nederlân bestiene yn 2008 twa útjouwers fan harkboeken. Home Academy joech lêzingen en kolleezjes út, Rubinstein benam-

men literêre boeken. Rubinstein hat yn in oantal jierren in fûns opboud mear as tûzen titels. Schotanus: „Ik frege de minsken dêr nei de ferkeap. Lytse oplagen, seine se. It kin allinnê út om't se al safolle titels hawwe.“

Yn Fryslân hiene Bornmeer en de Afûk har nei in earste ferkenning fan de merk weromlutsen út it harkboek. It persen fan in cd kin pas út by fiifhûndert eksimplaren en dat is foar it Fryske taalgebiet fierste folle. Jan Schotanus: „Wy litte de cd's dêrom net perse, wy brûne se sels. 'Burning on demand' neame wy dat.“

Kosten

Ek de kosten fan in studio sparrat Audiofrysk him út. Se hawwe in opnameapparaat dat de skriuwers mei nei hús krije. Dan kinne se harkboek yn alle rêst ynsprekke. As it de skriuwer sels net slagget, as er dêr gjin tiid foar hat - of as om it boek fan in deade skriuwer giet - docht Schotanus it sels of hiet er dêr in oar foar yn. Sa hat Douwe Kootstra 'Feroring fan lucht' fan Rink van der Velde ynspresen en is de eardere direkteur fan It Fryske Boek Durk Hibma op it stuit gear oer de fiifhûndert siden fan

'De reade bwarre' fan Trinus Riemersma.

Schotanus is by wize fan eksperiment begûn mei de Mentha Minnema-rige, in projekt fan him en de skriuwers Anny de Jong en Riemkje Hoogland. Dêrnei wie it in kwestje fan útprobarje. Schotanus: „Der wie noch neat, wy hiene it foar it útsjken. Wy hawwe wat klassikers útsocht en fierder woe ik fan safolle mooglik skriuwers wat ha. En dan mar sjen wat rint. Net alle boeken binne geskikt. It moat fertellend wêze. Boeken mei in yngewikkelde literêre struktuer, fol flash backs, dy wolle net as harkboek.“

Wêr't er noch wol tsjinoan rûn wie it foaroardi dat harkboeken wat foar blienen en âlde minsken is. Neffens Jan Schotanus is der in dúdlik ferkil tusken beide soarten harkboeken. Dy foar de blienen steane op in cd-rom en wurde ôfspile op in saneamde daisyspiller, in apparaat mei grutte knoppen, spesjaal ûntwikkele foar de doelgroep.

Emoasje

In oar ferskil is de manier fan lêzen. De foarlêzers fan de blienbi-

'Wy litte de cd's net perse, wy brûne se sels, burning on demand'

traal mooglik te lêzen om te foarkommen dat de emoasje fan de foarlêzer him tusken de tekst en de harker kringt. By Audiofrysk binne de foarlêzers frij om it gefoel dat de tekst yn har opropt trochlinke te litten yn de manier fan lêzen. Schotanus: „Al moat it gjin harkspul wurde mei allegear stimkes.“

„Jen as Hylke Speerstra is in echte ferteller. Hy rjochtet him ta de harker en wykt soms ek fan 'e tekst ôf as er mient dat er wat ferdúddlike moat. Je kin net weromblêd-je om te sjen hoe't it ek al wer siet, Hylke antispearear dêr op.“

meastal ek. Wêrby't it Jan Schotanus opfalt dat benammen froulju dy't der in soad op útgeane om oer it eigen wurk te fertellen – lykas Wieke de Haan en Auck Peanstra – ek goed ferkeapje.

Lêzingen

Fy hie, krekt as Home Academy, graach lêzingen útjaan wollen. „Ik bin nei Tresoar stapt, mar dêr sei ne se dat de measte lêzingen yn it Nederlânsk wiene. Doe bin ik yn 'e mande mei Tresoar mei de Sirkwy Seminars begûn. Dat hat no trije kear west. Alle kearen wurde fjouwer minsken frege om in lêzing te hâlden oer in Frysk literêr ûnderwerp. De lêste kear wie dat ûnder de noemer 'See, see, do wide see'. As der neat is, moat je sels wat betinke.“

Sûnt in pear jier wurket Audiofrysk gear mei Luisterrijk, in ynternetwinkel foar harkboeken. Dêr kin men no ek de Fryske harkboeken tsjin betelling downloade. It sparrat Audiofrysk in webserver in in betellingssysteme út. Foaral by tsjokke boeken skeelt it de konsumint boppedat in soad gedoch. Sa binne allinne foar 'De reade bwarre' al 25 skyfkes nedich om de tekst op te slaan.

Oant no ta waard de download op Luisterrijk foar 80 persint fan de priis fan de cd ferkocht, deselde ferhâlding as tusken in papieren boek en in e-book. Yn de Week van het Luisterboek yn april, bea Audiofrysk syn boeken oan foar 50 persint fan dy priis. Dat fernamen se daliks, de ferkeap skeat omheech.

Schotanus: „Wy ha no besletten om de download altyd foar 50 persint fan de priis fan de cd oan te bieden. Luisterrijk is dêr hiel bliid mei, hie dat sels ek graach wollen. Mar sa lang de útjouwers fêsthâlde oan dy 80 persint, kinne se net oars.“

Echt hark giet it Lykwols net mei it harkboek. Schotanus: „Sûnt it opdoeken fan It Fryske Boek, de Sutelaksje en alle literêre jûnen foar de sutedlers, komme folle minder

Neidiel

minsken yn oanrekking mei Fryske boeken. Dêr ha ek wy neidiel fan. Wat fierder meispilet is dat Nederlander der noch altyd net oanwend is om foar tsjinsten op ynternet te beteljen. Dêrom rint it e-book hjir ek lang sa goed net as yn Amearika.“

„Wy ferkeapje no noch it measte op cd, mar wy sille de Friezen al sa fier krije dat se de boeken aanst downloade. In grut foardiel foar in útjouwer is datst gjin foarrie hast en datst it magazyn net om de pear jier opropme hoechst om nije boeken in plakje te jaan.“

Fan populêre skriuwers as Rink van der Velde en Hylke Speerstra hat Audiofrysk oant no ta sa'n hûndert boeken op cd ferkocht en tweintich as download. It bêst ferkochte boek is 'Een brogge van glas' fan Johan Veenstra. It wie it earste boek yn it Stellingwerfs dat as harkboek útkaam.

Neffens Marja Schotanus is Audiofrysk puer hobby. Har man: „Foar guon boeken krije wy in útjefte-subsydje fan de provinsje. Mar ast sjochst hoevolle tiid ik der ynste, dan kin it lang net út.“

>www.audiofrysk.nl